Sommige footballers sjogge wy fiersten te faak werom yn dizze rubryk. Ewout de Boer, Jesse van der Weide en Remco Hijlkema lykje in abonnemint te hawwen. Ek Inne Heerma sjogge wy fiersten te faak foarby kommen. Wat is der no wer bard?



Wêr hast lêst fan?

Ik haw myn kûtbonke brutsen.

Hoe hast dat sa krigen?

Ik bleau mei de punt fan myn foet yn de grûn heakjen en doe klapte myn ankel nei efteren.

Fernaamdest lyk dat it mis wie?

Ik hearde en fjilde it knappen, dus hie eins lyk wol troch dat it net goed wie. Ik koe dêrnei myn foet eins ek net meer bewege.

Hoe giet it mei dyn herstel?

Ik moast 6 wiken op krukken rinne en net belêste. Mominteel kin ik der wer op rinne en is het wachtsjen tot de pin dy't er nog yn sit ôfbrekt. Mar dat kin fierders gjin kwea.

Ferwachtesto wol wer ris op it fuotbalfjild te stean?

Ik tink dat het foar my tiid is om de fuotbalskuonnen yn de wilgen te hingjen.

Wat mist no it meast no ast net fuotballest?

Op it momint dat de skeids fluit foar it begjin tinke je 90 minuten eins nergens oars oan. Dat fûn ik altiid wol een lekker gevoel.

Inne, in protte sukses mei dyn herstel!

Dochs hoopje wy dy graach wer ris op it fjild te sjen!

Wy fine it sawisa al machtich dasto der eltse sneon bist.



**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**

SDS VR.1



100% winst is eigenlijk de gearfetting fan ús seizoen. Nei 19 wedstriiden stean wy fierwei boppenoan. Neidat it fuotbalalvetal op de sneons stoppe wie bij SDS binne in soad dames trochgong op de freed te jûn. In soad dy't foarich seizoen bij SDS spilen, mar ek âld SDS'ers binne werom kaam. Mei in soad spilers op papier is dit in grut súkses. Foar de earste wedstriid fan dit seizoen wie it noch wol spannend. Hoe binne de oare teams? Teams lykas Dronryp wienen op de sneons altyd wol goed mar hoe binne se op de freed te jûn? Us allerearste wedstriid wie tsjin de dames fan Easterlittens. Mei earst noch wat sykjen oer hoe't iederien stean gjit op in lyts fjild en wat de nije regels binne, wie ús earste winst toch samar te pakken. We merkten dat wy noch goed samenspylje kinne en der ha wy profyt fan hân. Op de earste jûn al 18 goals! Op 14 oktober hien wy ús twadde kompetysjejûn. De senuwen bliuwden want miskien hien se wol goeie spylers mei. Mar dit wie nergens foar nedich want ek dizze jûn hien wy mei dikke útslagen wûn sa as 8-0 en 7-0. Wy merkten dat it ferskil yn nivo yn dizze kompetysje grut wie. De tredde jûn yn Littens wie it wat spannender. De dames fan Tsjummearum gong folle mear meiïnoar ferdedigje wêrtroch wy der iets muoilikker lânskamen. Ek de wedstriid tsjin Dronryp wie spannend omdat we dêr sels noch even op achter stien. Mar gelokkich kaam it altyd wer goed en wisten wy altyd wat goals te meitsjen. Elke kear wie it bij in oare klub dus ek in kear bij SDS. It wie in kâlde jûn mar de supporters lâns de line koen ús ek wer in kear sjen fuotbaljen. It wie fijn dat der in oantal frijwilligers wienen dy't hapkes regelje woenen, fluitsje woenen en efter de bar stean woenen. Sa hawwe wy der in gesellige jûn fan makke. De lêste kompetysjejûn wie begjin desimber. We ha in hiele reis makke om bij it goeie fuotbaljild oan te kommen. It wie foar ús



(en earst foar Wykels/Hallum) net hielendal dúdelik wer't wy fuotbalje moasten. Ek dizze jûn ha wy mei in soad plesier ôfslúten en natuerlik mei it kampioenskip!



It frouljusfuotbal op de freed te jûn is tot no ta in grut súkses. De sfeer yn it fuotbal en nei de tiid is hartstikke gesellich. It fuotbaljen mei alle dames dy't yn de ferskillende jierren bij SDS fuotballe ha is ek super leuk. Dizze seizoenhelte hawwe wy 86 goals makke werbij elkenien hast wol in kear skoard hat. Nei de winterstop komme wy yn in nije kompetysje. Wy ha der no al nocht oan!

Ut namme fan de froulju,

Lysanne Wiersma

SDS-paraplú

Der binne folop SDS-paraplú's te krijen. Sy koste mar €15,-.

Sy binne net allinnich ideaal om mei hjerstich waar oan de kant fan it fuotbalfjild op te hawwen, mar kinne ek tsjin de sinne of de snie brûkt wurde.

Oan de SDS-paraplú sil it net lizze.

Bestel se fia info@vv-sds.nl.

Sy binne ek yn de bestjoerskeamer te krijen.



SDS-WK-krystpuzzel

Fansels dit jier ek wer in prachtige SDS-krystpuzzel makke troch Tryntsje Bouma. Dit kear spesjaal yn it teken fan it WK. De letters dy't oerbliuwe foarmje in wurd. Mail dizze foar sneon 7 jannewaris nei **DeTreffer@vv-sds.nl** en je meitsje kâns op in prachtige SDS-paraplu. De oplossing en de priiswinner wurde bekend makke op de nijierssit op sneon 7 jannewaris en stean rûn 9 jannewaris op de SDS-webside

W	R	V	A	S	T	R	A	F	S	K	O	P	P	E	N
T	R	A	A	K	E	L	E	I	G	F	L	H	E	K	A
T	T	R	A	A	K	E	D	A	E	R	C	S	N	S	L
G	R	E	L	A	N	I	F	T	R	A	W	K	A	N	E
D	N	E	K	U	M	M	A	M	O	N	M	I	L	I	G
S	G	I	A	D	P	E	A	K	P	K	E	E	T	W	N
A	W	N	W	S	E	S	A	R	I	R	S	D	Y	K	I
R	U	I	I	U	T	S	N	R	O	Y	S	S	Z	O	U
G	N	S	T	G	O	F	I	E	I	K	I	R	U	L	T
E	O	P	T	S	N	K	I	M	T	K	K	J	I	M	S
N	V	A	O	R	E	E	S	N	B	U	A	O	D	B	L
T	I	N	J	L	A	R	L	E	A	E	B	C	K	A	A
I	M	J	A	O	E	L	L	R	B	L	R	H	O	P	G
N	B	E	P	E	N	N	I	A	E	A	E	T	R	P	E
I	E	N	A	L	R	E	D	E	N	F	N	E	E	E	N
E	R	G	N	I	W	U	O	K	S	E	B	R	A	O	F

- AMEARIKA
- ARGENTINIE
- AUSTRALIE
- BUTENSPUL
- DESIMBER
- FERLENGING
- FOARBESKOUWING
- FRANKRYK
- GIELEKAART
- INGELAN
- JAPAN
- KOACH
- KWARTFINALE
- LOKWINSKE
- MAROKKO
- MBAPPE
- MESSI
- NABESKOUWING
- NEDERLAN
- NOVIMBER
- PENALTY
- POLEN
- READEKAART
- SKIEDSRJOCHTER
- SPANJE
- STRAFSKOPPEN
- SWITSERLAN
- TRESTFINALE
- UTSLAGEN
- VAR
- ZUIDKOREA

Oplossing

--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--	--



In kraammandsje bringe by Bauke Dijkstra

Wylst beppe Janke fan Bauke hurd efterút gie mei har súnens kaam de berte fan de lytse fan Bauke en Marit hieltiten tichterby. Op 19 novimber kaam beppe te overlijden en in wike letter waard lytse Tjerk berne. Sa lizze libben en dea wol hiel tichtby inoar.



Jim hawwe mar in warbere tiid efter de rêch?

Dat kloppet ja. Op sneon 26 novimber wie de kremaasje fan ús beppe wêr Marit en ik spitigernôch net bij wêze koene omdat wij op dat momint yn it sikehûs wiene yn ôfwachting fan de berte fan ús soan. Oan de iene kant wat dûbel mar oan de oare kant ek wol wer bysûnder. De iene giet wylst de oare komt, dat heart bij it libben.

Op 26 novimber hawwe jim lytse Tjerk krigen. Hoe giet it no mei Tjerk en mem en heit?

Mei sawol Tjerk as mei mem giet it op dit momint hartstikke bêst en ik moat sizze dat heit him der ek aardich trochhinne sleept. Oant no ta ha wij al wol hiel wat brutsen nachten efter de rêg want it is no al in echte nachtdraver mar dat hat hij waarschynlik ek net fan in frjemden. Foar ús is dat op dit moment wol in hiele útdaging mar foar de takomstige horeka yn de omkriten fan Easterein allinich mar goed nijs!



Kinsto dy lytse al wat in ruft om krije?

De earste kear foel net ta mar gelokkich hat de kraamfersoargster ús goed op gong holpen. De earste kear dat wij sels moasten stiene wij der beide bij te kokhalzjen mar dat went gelokkich hiel snel. Ik moat sizze dat wij der ûndertusken al frij betûft yn binne.

Wy begrepen dat Tjerk ferneamd is nei pake Tjeerd en pake Dirk, mar op wa liket hy no it meast?

Klopt. Op dy wize ha wij besocht syn pakes op in kreatieve manier te ferneamen en dat is knap slagge neffens ús. It hie foar SDS ek wol moai west as syn pakes Mees en Simon hjitte soene of Ronald en Olaf mar wij moasten it hjir mei dwaan. En it is moeilik te sizzen op wa at hij no it measte liket mar wij gean der fanút dat hij fan beide kanten de beste eigenskippen mei krijt.

Kinne wy Tjerk fêst ynskriuwe by SDS en de KF?

Dat moat wol goedkomme. Sa lang hij sels noch gjin kar meitsje kin sille wij dy foar him meitsje moatte en de kâns is wol hiel grut dat hij sawol bij SDS as de KF lid wurde sil at it oan ús en syn beide pakes leit. Sadra wij witte at hij links

of rjochts is sil syn earste op hân makke want ek wol besteld wurde. Wij komme beide út sportiefe famyljes en binne sels ek noch altyd sportief. Wij sille Tjerk hjir dus ek seker yn stimulearje!

Se sizze dat as je krekt heit wurden binne je folle sêfter wurde yn it fjild en de klaaieamer. Fernimsto dat al?

Dat soene je wol sizze omdat jo as heit ek in bytsje it goeie foarbiel jaan moatte at jo soan mei mem oan de kant stiet te sjen. Mar ik kin in lêtste man bij SDS die ûndertusken al 34 jier heit is en dy dêr ek noch wol ris muoite mei hat, ik sil fierder gjin nammen neame. Datselfde ha ik sels ek noch altyd. Sadra wij de wite kalklinen fan it fjild oerstappe giet der bij ús in knop om en gean de eachkleppen op, dat sit ek yn myn genen. Ik hoopje dan ek dat Tjerk wol dyselfde winnaarsmentaliteit krijt mar dat hij dêr op mominten miskien in bytsje rêsticher en ferstandiger mei omgiet as syn heit en dy lêtste man bij SDS wêrfan ik de namme net neame sil. En ik sil myn bêst dwaan om dat sels ek te dwaan, al doar ik dit net ta te sizzen.



Wolst oars noch wat kwyt?

Tige tank foar alle kaartjes en lokwinken die wij krigen ha fanút SDS en fanút alle oare kringen! Dat hat ús hartstikke goed dien! En wij sille him nei de winterstop natuerlik snel in kear meinimme nei it fjild. Wij binne eartiids ek opgroeit yn de kantine tusken de lege glêzen, de platstampte patat yn it tapijt en de sporttassen en wij hoopje dat Tjerk ek sa opgroeie mei!

Mar noflik genietsje fan lytse Tjerk!

Wy hoopje him gauris mei mem oan de line te sjen by SDS 2. (WW)

Grutte klupaksje

De Grutte Klupaksje hat ek dit jier wer in moai bedrach yn it laatsje fan SDS brocht.

Tige by tige hjir foar!

In priis by de Grutte Klupaksje?

Der bin leden fan SDS mei in priis yn de Grutte Klupaksje. Jim kinne it neisjen op <https://lotchecker.clubactie.nl>. Sa as wy it tsjekt hawwe giet it om prizen lykas kadobonnen.

Wy binne benijd wa as der by SDS wat wûn hat!

Grote Clubactie
Opbrengst 2022

€ 600,-

Uitgereikt aan: **Voetbalvereniging Sterk door Samenspel**

Wanneer de lotcheck wordt geopend, worden de lotnummers automatisch gegenereerd.

Voetbalvereniging Sterk door Samenspel

grote clubactie

Persoanlik

<p>Wy stelle jim graach foar oan:</p> <p>Ids van Wijngaarden</p>	
Namme	Ids van Wijngaarden
Berne	Ljouwert
Yn Wommels, Easterein as....	Hinnaard
Skoalle	OBS De Opslach, Wommels
By SDS sûnt	2019
Team	JO10-1
Gjin fuotbal, dan...	Keatsen
Favorite klup Nederlân	Heerenveen
Favorite klup bûtenlân	PSG
Beste trainer	Luka van der Weg
Beste fuotballer yn Nederlân	Sydney van Hooydonk
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Mbappé
Favorite fuotballer SDS	Matthijs Postma
Beste keeper	Andries Noppert
Favorite posysje	Spits
Sterkste punt	Koppen
Swakste punt	Verdedigen
Moaiste stadion	Liverpool



Idoal	Mbappé
Hichtepunt	Omhaalgoal
Djiptepunt	Tsjin Irnsum JO9-1 ferlern mei 8-7
Moaiste goal	Omhaalgoal
Skoudertriuw as tackel?	Skoudertriuw
Boas om	Tsjinstanner skoorde yn ien kear fanôf de sydline en dat mei net
Flinters yn de búk fan	As ik in snoek fang
Tillevysje	Eredivisievoetbal
Muzyk	Fan alles wol
Lekkerste iten	Balje patat
Minst lekkere iten	Hutspot
Bakje patat of broadsje sún?	Bakje patat
Drinken	Sinas
Spulkompjoeter of bûten boartsje	Beide
Sinteklaas of de krystman	Krystman
As ik skoar dan fier ik dat sa....	Mei myn team
Cambuur of SC Heerenveen?	Sc Heerenveen
Kampioen Eredivisie 2021-2022?	Ajax
Moaiste sjurt	Heerenveensjurt
Lelijkste sjurt	Canbuur
Fuotbalskuon	Puma
Rjochts of lofts?	Beide
Gers of keunstgers?	Gers
At ik letter grut bin dan....	Bin ik proffuotballer

In fruitmandsje bringe by Dennis Dijkstra

Dennis Dijkstra wie noch mar krekt wer lid fan SDS en fuotballe krekt in pear wedstriden noflik by SDS 5 of wie der nea âlder wurden. Ynmiddels rint hy al in pear wiken mei krukken. Wat is der bard?



Wêr hast lêst fan?

Op sneon 5 novimber út tsjin vv Nijland haw ik in brutsen kuitbeen oprûn.

Hoe is dat sa kommen?

Myn ankel glide fourt en foude krekt te fier dûbel en knakte.

Fernaamdest lyk dat it mis wie?

Gert-Jan Hiemstra sei dy fint skopte dy tsjin dyn skeenbeskermer, mar dat wie myn bonke dy't knakte. Fan Tjeerd Dijkstra moast ik trochsette, mar wist dat it net hielendal goed fiede om troch te gean.

Knapt it al wat op?

Hjoed (moandei 12 desimber) is it gips der wer ôf gien en haw no in brace om.

Wannear ferwachteto wer op it fuotbalfjild te stean?

It moaiste soe wêze nei de winterstop, mar ik wol earst efkes goed revalidere. Ik bin ek gjin 25 meer no 😊. Ik hoop noch wol in pear wedstrieden mei te pakken yn de twadde helte fan it seizoen, mar doar net te sizzen wannear ik der wer wêze kin.

Wat mist no it meast no asto net balje kinst?

It spultsje en de gesellicheid fan de 3e helte mei de mannen oan tafel.

Dennis, in protte sukses mei dyn herstel!

Dankewol 😊

Wy hoopje dy gau wer op it fuotbalfjild te sjen!

(WW)



SDS -Look-a-likes(35)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútsjer, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffer@vv-sds.nl
Dizze kear mei tank oan Jesse van der Weide en Robin van der Weg.

Appie Posthumus hie sa de bûnscoach fan Frankryk wêze kinnen (Didier Deschamps):



Samir Tawafra (trainer SDS 2) krijt alle lof fan Almhof:



Allert, Bobbie en de rest:



Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje oprjochte:

Griene Enerzjy Kooperasaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wererom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,- per jier.

Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.

Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (<http://www.geke-easterein.nl/>) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen

GEKE GRIENE ENERZJY
KOÖPERAASJE EASTEREIN

VanOns



SDS WK-League



Under boppesteande titel hiene wij ek dit kear wer in league foar ús leden en oare belangstellenden. 55 dielnimmers, dat is prima at je witte dat it allegear wat omstriden is. It is in prachtige striid wurden. Op it fjild en op it papier. Neidat de gegevens fan de 55 formulieren hânmjittich yn in spesjaal programma brocht binne, kin it los. Nei 2 dagen de earste trije kopridders : Bote Strikwerda, Jelte-Pieter Dijkstra en Sjoerd van Beem. Jimmy Pesto jr lit him dêrnei ek wer boppe-oan sjen, mar dat wurdt net serieuus nommen, want wie it net dyselde Ate Feike de Boer dy't yn de league fan 2021 ek in kopposysje pakte en úteinlik mei de prachtige poedelpriis (in tsiis fan Skylge) nei hûs giet?

Nei Jimmy Pesto jr binne it Aant Hofstra, Pieter Kamstra, Wessel Wijnia, Jilles Reitsma, Tjitse Postma, Sjoerd de Boer, Skelte Anema en Broer Greidanus (hij hat ek noch efkes lêste stien) dy't ien of mear dagen mei respekt oansjoen wurde en op strjitte neiwezen wurde as koprinder fan de SDS WK league.

It blykt allegear mar tydlik te wêzen en it is dúdlik dat je ek te betiid pike kinne. Op 10 desimer tekent him al wat ôf dat úteinlik útrint op de einstân. Eeltsje Bootsma, Gerwin Sijbesma en Tom Wijnia meitsje in flinke stap omheech nei plak 4, 5 en 6. In pear dagen letter wit Eeltsje de kopposysje te pakken en dy stiet hij net mear ôf. Eeltsje wie ien fan de 5 dy't de beide finalisten goed hie en dat levere in flinke skoare op.

De bonuspunten dy't op lêst noch takend wurde sette de posysje 2 oant en mei 4 noch op de kop. At je 2 fan de 5 bonusfragen goed hawwe dan is dat in goed resultaat. Jelte Pieter Dijkstra hat sels trije goed mar it bringt him net yn de prizen.

Underyn is der ek in flinke striid west mei wikselde kânsen foar team Sweering en team Joustra. It team fan Rudmer, Jesse en Rinse Joustra wisten nipt de poedelpriis te winnen, want Lolke Hofstra en Okke van der Kamp seagen ek noch kânsen. Team Sweering gokte it oantal giele kaarten goed en naam sa ôfstân fan de poedelpriis.



Einstân SDS WK league 2022

1	Eeltsje Bootsma	1185	28	Klaas Bouke Faber	920
2	Gerwin Sijbesma	1080	29	Marc en Robert Hoekst	915
3	Tom Wijnia	1080	30	Douwe-Jan Vellinga	905
4	Jimmy Pesto jr.	1075	31	Dirk Stegenga	900
5	Skelte Anema	1070	32	Eeltje Postma	900
6	Jan Mulder	1065	33	Frank Bervoets	900
7	Jilles Reitsma	1065	34	Pieter Sijtsma	890
8	Grietzen Broersma	1060	35	Pieter Wijnia	885
9	Jelte-Pieter Dijkstra	1050	36	Auke Eringa	880
10	Seriëtte Strikwerda	1050	37	Bas van der Weij	875
11	Jurjen Eringa	1025	38	Sjoerd van Beem	875
12	Bote Strikwerda	1015	39	Jacob-Klaas Haitsma	870
13	Sybren Beert de Jong	1015	40	Jan Friso Bruinsma	865
14	Broer Greidanus	1005	41	Tsjalling Sikma	865
15	Frans-Pyter Terpstra	1000	42	Tjitse Postma	850
16	Rick Hendriks	985	43	Kris Gaastra	840
17	Jelmer Posthumus	980	44	Wiebe Heeres	830
18	Lisa en Tineke Hoekstra	980	45	Anne Stenekes	805
19	Annejan Hallema	975	46	Hendrik de Jong	800
20	Sjoerd de Boer	975	47	Simon van der Vaart	800
21	Brend Toering	945	48	Willem Wijnia	760
22	Gert-Jan Hiemstra	945	49	Wessel Wijnja	725
23	Hendrik 'Lewantoski' Eringa	945	50	Habtamu de Hoop	720
24	Aant Hofstra	935	51	Hendrik, Tim en Fenna	720
25	Johan Delfsma	925	52	Lourens van der Pol	705
26	Pieter Kamstra	925	53	Okke van der Kamp	685
27	Jaap Toering	920	54	Lolke Hofstra	680
			55	Rudmer Jesse en Rinse	675

Prizen:

1^{ste} priis: €100,-

2^{de} priis: €75,-

3^{de} priis: €50,-

4^{de} priis: €25

Gerwin en Tom binne gelyk einige op plak 2 en 3. Sij diele de 2^{de} en 3^{de} priis en krije beide : €62,50 (belestingfrij)

De poedelpriis is in SDS-paraplu en waait by de earste bêste Súdwesterstoarm rjochting Trio Joustra.



Ut it âlde notulenboek

It is 1955. SDS bestiet 7 jier mar it ek noch lestich allegear om it goed op poaten te krijen. Der binne feitlik te min spilers foar twa alvetallen. Yn de gearkomst fan 20 septimber 1955 yn it gymlokaal (om morele en finansjele reden is de gearkomst dêr) komt dit oan de oarder. Wij siteare letterlik:

Vervolgens komt aan de orde het punt van de agenda, namelijk opheffing van het tweede elftal. Wegens vertrek en bedanken van diverse leden is het spelersarsenaal dermate ingekrompen, zodat het Bestuur hier in de toekomst ernstige moeilijkheden verwacht. Bovendien bevinden zich hier tussen nog enkele leden, die men zou kunnen vergelijken met zondagsjagers en gelegenheidsvoetballers.

Speciaal deze leden zijn het welke de mogelijkheden van hun vrienden belagen en de voorzitter wijst hen dan ook op hun morele plicht, hun vrienden niet in de steek te laten.

Hierna is het woord aan de vergadering, die prompt een vloed van protesten naar voren stuwt, zonder maar een enkele suggestie of iets waardoor men dit euvel zou kunnen bestrijden.

De voorzitter dringt in de eerste plaats aan op het vinden van nieuwe leden. Volgens de mening van de leden dient het bestuur hiervoor zorg te dragen, waarbij de voorzitter zich niet kan aansluiten. Bovendien meent men dat het de wens van het Bestuur zou zijn, het tweede elftal te gaan opheffen. Niets is echter minder waar daar de leden dit zelf in de hand hebben en de beslissing van hen afhangt.

Dat dit soms moeilijkheden in de verhouding tussen bestuur en leden geeft is onbegrijpelijk. Men moet dan ook een sterk eergevoel hebben en een ongeremd idealist zijn om bevrediging en blijvende voldoening te vinden in een erebaan als Bestuurslid van een vereniging als SDS, daar men van de zijde der leden als waardering bijna uitsluitend kritiek en wanbegrip kan incasseren. Tevens is ook een uiterst diplomatieke werkwijze d.w.z. een hopeloos gemodder vereist, teneinde de zaak blijvend te laten marcheren.

Na deze uitvoerige discussie wordt besloten het tweede elftal voorlopig te blijven handhaven.

De secretaris.

(AH)



Ut de âlde en de nije doaze

Yn 1994 spilen de sealfuotballers fan SDS 2 yn sjurts fan Leanbedriuw Okkema. No hast 20 jier letter spylje de manlju fan SDS seal 2 noch altiten yn sjurts fan Leanbedriuw Okkema, mar dan yn spiksplinternije.



SDS seal 2: 1994-1995

*steand: Andries Stuiver, Stoffel Bouma, Tjerk Okkema, Tamme de Boer, Tinus Hoekstra
op hurken: Ype Tiemersma, Douwe Schaafsma, Pieter Veenje*



2022-2023 SDS seal 2

Boppe: Tjerk Okkema, Janpiet van der Meer, Doede-Rients Okkema, Jelle de Vries, Harm Vink, Pieter de Vries en Hendrik Okkema.

Under: Matthijs Postma, Bouke Fopma en Allert Turksma.

Op de foto misse: Hylke Flapper, Ids de Boer, Kees Sandstra en Tjeerd de Vries.

Doelpuntenmakers senioaren 2022-2023

De fiif seniorenalvetallen fan SDS hawwe op dit stuit 45 wedstriden spile en 94 kear skoard (soms mei help fan de tsjinstanner)

team	1	2	3	4	5	
doelpunten	19	20	10	17	28	94
wedstriden	11	11	8	8	7	45
gemiddeld per wedstriid	1,73	1,82	1,25	2,13	4,00	2,09

Fan dy 94 doelpunten binne de measte doelpunten skoard troch SDS 5. Dirk Yde Sjaarda en de twa Sijbesma's dogge it wer goed. Jelmer Posthumus docht it altyd goed. Fan de tsien doelpunten fan SDS 3 makke hij der seis. De oare twa yn tsjinst fan SDS 2. Skoare yn SDS 1 is it dreechste. Lourens van der Pol die it al seis kear dit seizoen

namme	1	2	3	4	5	Totaal
Dirk Yde Sjaarda					11	11
Jelmer Posthumus		2	6			8
Peter Sijbesma					7	7
Lourens van der Pol	6					6
Robert Sijbesma					5	5
Stan Korbach	4					4
Arjen Los		4				4
Tim Sweering		3		1		4
Kevin de Haan	2	1				3
Bauke Dijkstra		3				3
Ate Schaap				3		3
Gerben Gerbrandy				3		3
Harm Stremler					3	3

De oare 21 doelpuntenmakers dy't ien, twa of trije kear skoarden kinne jim op de SDS side fine ûnder it kopke Fuotbal-Diversen.



Aginda

Wannear?	Wat ?
7 jannewaris	SDS-Nijjierssit
9 jannewaris	Foarrondes SDS foar it OFK
14 jannewaris	Finales OFK yn Frjentsjer
14 jannewaris	Oefen: Workum 1 – SDS 1
14 jannewaris	Klaverjassen yn de sporthal
17 jannewaris	Mooglik oefen: SDS 1 – TOP 1
20 jannewaris	Frijwilligersjûn Skoalleseize
21 jannewaris	Oudehaske 1 – SDS 1
28 jannewaris	SDS 1 – Waterpoort Boys 1
4 febrewaris	Scharnegoutum 1 – SDS 1
11 febrewaris	SDS 1 – Nijland 1
18 febrewaris	Ynhelprogramma
25 febrewaris	Ynhelprogramma
4 maart	DWP 1 – SDS 1
11 maart	SDS 1 – Oeverzwaluwen 1
18 maart	Heeg 1 - SDS 1
25-maart	SDS 1 – Makkum 1
1 april	SVM 1 – SDS 1
8 april	Ynhelprogramma

**De Trefferredaksje winsket
jim in soad
wille
en
sûnens
yn
2023!**





drive

We trekken graag een sprintje om aan uw wensen te voldoen. Uw drukwerk regelen wij vol kracht en overgave. Wij gaan ervoor en hebben er plezier in. Dat is onze kracht. Enthousiasme voedt ons bloed. Van begin tot eind werkt ons team van bevolgen, betrokken toppers aan uw product. Het eindresultaat telt, maar ook de weg ernaar toe. Prestatie vloeit voort uit passie, gedrevenheid en betrokkenheid. Wij denken graag met u mee, want samen komen we verder. Welkom bij Van der Eems.



grafische groep van der eems

VANDEREEMS.NL EASTEREIN / HEERENVEEN